



HOTEL/PENSJON RÛNOM

Fleurich toanielstik yn trije bedriuwen

fan

T. NICOLAI-HOEKSTRA

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **HOTEL/PENSJON RÛNOM** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **T. NICOLAI-HOEKSTRA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2006 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bgcht ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Johannes Wierda - de eigner. 50 – 60 jier.

Jet Wierda - syn frou. 50 – 55 jier.

Hiltsje Kuipers - help yn 't pensjon/hotel. 35 – 45 jier.

Frâns v.d.Heide - help yn 't hotel/pensjon. 40 – 50 jier.

Lammert Hogeveen - gast. 45 – 50 jier.

Riek Hogeveen - syn frou. 40 - 45 jier.

Ron v.d. Geest - gast. 40 – 55 jier.

Nynke v.d.Molen - syn frou. 30 – 45 jier.

DECOR:

It stik spilet yn 'e hal fan 't hotel/pensjon. It soe moai wêze as der yn 't hoteldiel in lift siet as in doar die 't nei de lift ferwiist. Yn 't pensjon moat in stikje fan de trap te sjen wêze. It hotel moat ek wat moaier oanklaaid wêze dan dat fan 't pensjon.

EARSTE BEDRIUW

As it doek iepen giet binne Hiltsje yn 't pensjon en Frâns yn 't hotel dwaande om de boel skjien te meitsjen.

Hiltsje: Sis Frâns hoe fynsto it no om hjir sa te wurkjen.

Frâns: No, wol goed, ik haw hjir in daalders plakje al fyn ik it wol muoilik as ik wer helpe moat oan dyn kant.

Hiltsje: Werom dat. Hjir is it dochs net minder as oan die kant wol.

Frâns: Ik fyn fan wol, hjir komme minsken dy't in goede oplieding hân hawwe en dêr is dat dochs minder.

Hiltsje: No moat it ek net mâlder wurde, dy minsken soene better wêze as de minsken dy't oan dizze side komme. Hoe wie dat dan doe 't hjir noch allinnich in pensjon wie.

Frâns: No ja, ik bedoel te sizzen, mei de minsken oan dizze side kinne jo in goed gesprek op nivo ha.

Hiltsje: (*minachtsjend*) Menear wol in gesprek op nivo ha. Krekt as soene sy dat mei dy ha wolle. Jonge do moatst bûge as in knipmes as se oankomme en do sjoust dy in breuk oan harren koffers. D'r kin hast net in tankjewol ôf, nee dan dizze side. Altyd like freonlik om't se bliid binne dat se in der in kear út kinne. Se fûstke sels mei ús as se wer fuortgeane.

Frâns: Dêr ha jo noch al wat oan, ik ha leaver in goede foai.

Hiltsje: No se jouwe hjir ek wol wat, dat witsto ek wol, miskien net safolle mar dat hindert neat. Is't ek net sa dat it personeel soks heart te dielen? Dat is dochs de gewoante.

Frâns: Ja horis ik wurkje yn in oar diel dan do.

Hiltsje: Nee wy wurkje beide foar deselde baas jonkje, wy rinne fan` e iene ôfdieling nei de oare.

Frâns: No dêr moat ik earst noch mar efkes oer nei tinke.

Hiltsje: Niks oer neitinke. It seizoen begjint no wer en diele wy de foanen dy't wy hjir krije. Krekt lyk as oars.

Frâns: No do bist wakker bretaal tinkt my.

Hiltsje: Ik stean op myn strepen. Wy dogge beide like folle oan` e iene side as de oare side. No hoe liket it, kinne wy it iens wurde. Witsto wat, wy sille earst mar in kopke kofje drinke. (*giet ôf nei de keuken fan` t pensjon*)

Frâns: Ik sil d'r wol net ûnderút kinne tink, (*yn`m sels prate*) sy hat de brûk oan Frâns jonge dat sis ik dy. (*after Hiltsje oan*)

Jehannes: (*komt fan boppe*) No miende ik dat Frâns hjir ûnder oan't wurk wie, boppe wie d'r net, wat frjemd dat beide d'r net binne. Us

gasten kinne ek elts momint op 'e stoepe stean. (*sjocht efkes troch de doar yn 't hoteldiel*) Ik sil Jet mar efkes skilje dat se nei ûnderen komme moat, sadaliks stean ik d'r allinnich foar. Moai personiel hawwe wy en no moat it seizoen nochal begjinne, wat moat dit wurde. (*pakt de tillefoan*) ...Ja Jet mei my... wat d'r is, do moast daliks nei ûnderen komme want hjir is nimmen. Gjin Frâns en ek gjin Hiltsje... Ik wit net wer't se binne, mar ik kin hjir no net mear fuort want de gasten kinne elts momint op 'e stoepe stean... Oan't daliks. (*giet mei eatwat dwaande efter de baalje*)

Jet: (*komt op*) Wat hasto en werom moat ik no sa hastich nei ûnderen komme. Frâns en Hiltsje binne beide ûnder.

Jehannes: Sy kinne wol ûnder wêze sa asto seist, mar se binne hjir net oars hie ik dy net roppen.

Jet: Wêr binne se dan, sy moatte hjir wêze.

Jehannes: Ja dat sil wol mar ik ha se hjir noch net sjoen en no kin ik hjir net wer wei.

Jet: Om't dy gasten komme, derom hoechsto hjir net te bliuwen se skilje wol (*drukt op 'e belle*) at se d'r binne.

Jehannes: As jo witte dat dy minsken komme, heare jo harren op te wachtsjen.

Jet: No goed, dan sil ik wol efkes sjen wer't se binne. (*foar har sels*) Bin ik efkes bliid dat ik net in hotel ha. (*ôf nei de keuken fan it pensjon*)

Jehannes: (*foar de spegel*) Sit myn jaske goed, sit myn daske goed. Ja dat kin d'r op troch. Lit se no mar komme. Jo hawwe elts jier wer dy spanning as jo it seizoen begjinne. Foaral no't ik fan dit diel in hotel makke ha.

Frâns: (*komt op*) Is d'r wat baas, ús gasten binne d'r dochs noch net wol.

Jehannes: Nee, mar dat hie wol kinnen, mar do wiest hjir net. Dat wol ik net wer. As d'r gasten ferwachte wurde heart hjir immen by de baalje te wêzen om se te ûntfangen. Knoopje dy dat goed yn 'e earen Frâns.

Frâns: Ik sil it ûnthâlde baas.

Johannes: En neam my gjin baas, sis mar kollega tsjin my dat heart better.

Frâns: Kollega... hoe dat sa, jo binne dochs myn baas.

Jehannes: Ja dat wit ik wol mar dat hoege de minsken dy't hjir komme net te witten.

Frâns: No goed, dan sis ik kollega tsjin jo. (*betinkt him wat*) Mar dan meie wy Hiltsje ek wol ynljochtsje oars giet dy daliks wer tsjin de tried yn.

Jehannes: Der seist sa wat, do hast gelyk wy moatte Hiltsje ek sizze wat se dwaan moat. Rop har mar efkes...

Frâns: (*nei de doar yn 't pensjon*) Hiltsje wolsto hjir wol efkes komme.

Hiltsje: (*op*) Wat is d' r no wer oan 'e hân, kinsto it wer net sûnder my ôf. (*bliuwt yn 'e doar stean*)

Frâns: Wis kin ik it wol sûnder dy ôf, mar ús baas wol dy te wurd.

Hiltsje: Wa fan de twa... mefrou as menear.

Frâns: Menear. (*meneuvelje dat sy nei de oare side moat*)

Hiltsje: (*sjocht nochris frjemd nei Frâns*) Hiene jo in boadskip menear, dan graach wat rap want ik moat de keamers noch efkes troch om te sjen as alles d' r wol klear foar is, foardat de gasten komme sjoch.

Jehannes: Ja Hiltsje ik hie dy noch wat te sizzen, sjoch as de gasten komme hie ik graach datsto ús beiden (*wiest nei Frâns en 'm sels*) kollega neamst.

Hiltsje: Kollega hie 'k tocht... jo binne myn kollega dochs net mar ien fan myn wurkjouwers. No moat it ek net mâlder wurde, ik kin net kollega tsjin jo sizze dat jout gjin foech.

Jehannes: En dochs wol ik dat sa ha, dat jout de saak wat mear oansjen.

Hiltsje: No ja, jo kinne it krije sa 't jo it ha wolle, mar ik fyn 't mar in nuver spul. Wat moat ik dan tsjin jo frou sizze.

Jehannes: Dat meisto mei har beprate, mar hjir yn 't hoteldiel seisto tsjin ús kollega, teminste as der gasten binne. It pensjon is in oar ferhaal.

Hiltsje: Jo soene d' r fan yn 'e war reitsje. Hawar jo sizze it. Ik sil myn bêst dwaan om it te ûnthâlden. Kin ik oars noch wat foar jo betsjutte baas... eh kollega bedoel ik.

Jehannes: Nee, gean mar wer oan dyn wurk. O ja en asto hjir oan 't wurk bist soe ik graach wolle datsto oare klean oandochst en do ek Frâns.

Hiltsje: Oare klean, wat sille wy no belibje, werom moatte wy oare klean oan ha. Hokfoar klean moatte dat dan wol net wêze.

Jehannes: Eatwat swarts mei wyt soe ik sizze en in wyt skelkje foar yn 't restaurant bygelyks. Ik ha al wat foar jimme klear lein.

Hiltsje: Moat ik yn 'e pronk oan 't wurk en as ik yn 't pensjon wurkje wat dan, dat wol jo frou fêst net leie.

Jehannes: Dat moatsto mar mei myn frou oerlizze, der kin ik net mei sitte. (*giet d' r út*)

Hiltsje: (*gekoanstekkerich*) Der kin menear net mei sitte. It wurd hjir no ek hoe langer hoe gekker. Ik sil mefrou freegje wat dy wol dat ik doch. (*ôf*)

Frâns: (*foar´m út*) No dan moat ik hjir sa lang mar efkes bliuwe oan´t immen wer werom komt.

Jet: (*komt fan boppe*) O moai do bist hjir Frâns, soesto my daliks efkes helpe kinne mei dy kast op keamer 8, dy stiet my noch lang net nei´t sin.

Frâns: Dat soe ik wol dwaan wolle, mar jo man seit dat hjir immen bliuwe moat foar as de gasten komme.

Jet: Dy gasten komme fan´e middei pas, dy wurde no noch net ferwachte.

Hiltsje: (*komt op*) O jo wiene hjir, ik socht jo. Jo man seit dat wy hjir yn´t hoteldiel oare klean oan ha moatte. Ik moat yn´t swart en in wyt skelkje foar en Frâns moat yn´t pak.

Jet: Ja bern myn man hat it heech yn´e plasse no´t hy in hotel hat. Dan kinne jo net mear efter bliuwe by de oare hotels. Mar yn´t pensjon wol ik dat perfoarst net ha, hawwe jim dat ferstien, de minsken dy´t by ús komme moatte harren thúsfiel.

Hiltsje: Hoe wolle jo dat dan ha, moatte wy ús dan eltse kear wer ferstrûpe?

Frâns: Hiltsje hat gelyk hoe moatte wy dat dan ha.

Jet: Witte jim wat, wy sille dat efkes útprobeare. Ik bliuw hjir en jimme ferklaaie jimme efkes yn dy hotelklean.

Frâns: Goed wy sille sjen wat de baas... eh nee ús kollega foar ús klearlein hat.

Jet: Wat seisto der, kollega.

Frâns: Ja, jo man wol graach dat wy kollega tsjin him sizze, nei syn sizzen heart dat sa yn´n hotel. O ja, hoe moatte wy jo no neame.

Jet: (*in bytsje krigel*) Itselde as oars, dat it myn man yn´e plasse slein is, betsjut noch net dat ik dan ek feroarje moat. Ik bin en bliuw frou Wierda en dêr mei út en jimme bliuwe foar my gewoan Frâns en Hiltsje.

Hiltsje: Wy moatte mar ris sjen hoe´t allegearre rint, it is foar ús ek allegearre nei.

Jet: Net al tefolle drokte oermeitsje bern, it sil allegearre wol los rinne.

Frâns: Kom op Hiltsje wy sille ús ferklaaie, ik bin wol benijd wat d´r klear leit. (*beide ôf*)

Jet: It moat no ek net gekker wurde... kollega hie´k tocht, hoe kriget hy soks yn´e holle. (*hellet de skouders op*) No ja wy moatte dit wykein mar ris ôfwachtsje hoe´t giet.

Jehannes: (*op*) Hawwe Hiltse en Frâns no noch de klean net oan dy't ik foar harren klearlein ha... Wer binne se.

Jet: Rêstich mar, Peppie en Kokkie binne harren oan't ferklaaien kollega... Ja sjoch my mar net sa raar oan, sa woesto dochts neamt wurde troch it personiel.

Jehannes: Ja dat jout de saak mear oansjen.

Jet: Dat kin wol sa wêze, mar ik lit my net sa neame.

Hiltse en Frâns komme op mar kinne amper bewege Hiltse hat in te lange swarte rok oan mei in wyt bloeske dat fierstente krap sit en Frâns in wyt oerhimd mei swarte brûk en jaske ek te lyts. As alles is fiersten te grut dat kin ek fansels.

Jet: (*slacht har hannen foar de mûle*) Mar Jehannes dit kin net, sa kinne sy harren wurk dochts net dwaan, it sirkus is der neat by, se rinne foar aap.

Jehannes: Nee dit kin sa net, dit hie ik my al oars foarstelt, sa kinne wy gjin gasten ûntfange.

Jet: Werom moatte sy oare klean oan, kinne sy net gewoan harren sels bliuwe, dat liket my gâns better as dizze moadesjow.

Jehannes: Nee dat kin net yn 'n hotel, der heare jo bedriuwsklean oan te hawwen.

Jet: Goed asto dat sa ha wolst, dan silsto dat krije. Kom mar mei, dan sil ik dit appeltsje wolris efkes skille. (*foar har sels*) Bedriuwsklean, hoe hellet hy 'm soks no wer yn 'e holle. (ôf)

Hiltse: Gelokkich ik tocht al dat wy dit oanhâlde moasten. Ik kin my hjir net goed yn ferwege en dan moatte wy d'r ek noch yn wurkje.

Frâns: Ja dan meisto earst wol op dieet. Mar do hast gelyk, sa soe ik ek net in koffer as sokssawat mear tille kinne.

Hiltse: Der seit ek ien wat.

Jehannes: Jim ha gelyk, ik hie soks ek better oan myn frou freegje kinnen, mar ja ik wol it faaks graach sels oplosse. Oars seit sy wer dat se altyd myn putsjes opknappe moat. (*de oaren geane ôf. Tillefoan giet*) Mei hotel/pensjon Rûnom goemoarn jo prate mei Wierda... A menear v.d.Geest, wat kin ik foar jo dwaan... Jo komme wat letter... o mar dat let neat hear... Jo hawwe in mankement mei de auto... ja dat begryp ik, dat hindert neat hear jo dogge mar rêstich oan... Wy sjogge jo yn 'e rin fan 'e dei wol ferskinen....ja moarn v.d. Geest. No dan ha wy noch moai efkes tiid om wat út te sykjen wat dy klean oanbelanget, sit it ús ek in kear mei.

Jet: Sa, ik ha Frâns en Hiltsje mar efkes nei kleanwinkel Tekstra stjoerd dan kinne se dêr moai wat útsykje. Ik ha Tekstra mar efkes skille dat se d'r oankomme en wat de bedoeling wie. Dan wurde se fuort holpen en binne sy hjir ek sa wer.

Jehannes: Moai, de gasten dy't wy ferwachtsje komme wat letter, se hiene in mankement mei de auto.

Jet: Dêr hasto mar wer gelok mei. Dan hoege wy ommers nearne oer yn te sitten. De gasten fan it pensjon komme ek fan 'e middei pas.

Jehannes: Sis Jet hasto al folle boekings foar it pensjon.

Jet: Gelokkich dizze wike noch net safolle, ik ha earst in echtpear dat in lang wykein bliuwt. Dernei ha ik in aardige besetting fan in ferskaat oan gasten sadat ik dizze simmer net te kleien ha en do, hoe stiet it mei it hotel.

Jehannes: Och dat moat noch wat opgong komme moast mar tinke it is nij en de minsken moatte earst witte dat't d'r is. No ha ik by de VVV wat folders dellein en yn de simmer krante fan't deiblêd stie in moai stikje. Hasto dat net lêzen? Der binne de earste gasten ek op ta kaam.

Jet: (*docht krekt as wit sy fan neat*) Nee hoe soe ik dat no lêzen ha, do hast my net ferteld datsto in stikje yn 'e krante sette soest. Do hâldst my oeral bûten as it om't hotel giet. Mar asto help nedich hast, ja dan kinst my wol fine.

Jehannes: Do hast gelyk ik hie dy better op 'e hichte hâlde moatten. Mar ja ik tocht, do wolst neat mei it hotel te krijen ha. Do woest en soest dyn pensjon hâlde, hasto sein.

Jet: Dat is ek sa, ik wol dat de gewoane minsken ek noch fuortkinne en harren net bûtensletten fiele. It moat betelber bliuwe. Jierren hawwe wy in goede fertsjinst han mei it pensjon en no yn ienen moat it in hotel wurde. Ik begryp soks net, dat giet my boppe de pet.

Jehannes: Ik wol it graach sa ha en ik miende dat wy it goed troch praat hiene.

Jet: Jawis dat is ek sa, mar dan moasto dy ek net mear as nedich mei it pensjon bemuoie.

Jehannes: Ik tink dat wy ôfprate moatte dat as wy help nedich ha, wy byelkoar terjochte kinne. Wy moatte earst mar ris sjen hoe't it dit jier rinne sil. Wy kinne altearst noch gjin nij persoanlik oanlûke, it moat earst goed rinne en dan kinne wy wol fierder sjen.

Frâns: (*op*) Wat sizze jo hjir fan, dit kin d'r wol op troch tocht ik sa. Tekstra hie al wat foar ús klearlein, dat wy wiene sa mar út 'e rie.

Hiltsje: Ja hjir kinne wy wol yn wurkje, fine jo ek net mefrou.

Jet: Wis dit liket d´r op, netsjes hear. Hawwe jimme d´r ek noch wat ferskjinning by krigen. *(beide knikke)* Moai sa, no Jehannes wat seisto hjir fan.

Jehannes: *(suver ferromme)* Ja dit liket d´r op, sa woe ik it graach ha.

Jet: Frâns, asto my yn´t pensjon helpst dan kin dat jaske wol út en Hiltsje hoecht dan ek dat skelkje net foar der ha ik dan wol in jasskelk foar. Oars binne jim fierstente kreas yn´e klean.

Frâns: Jo sizze it mar frou Wierda, ik sil myn bêst dwaan.

Hiltsje: Wy moatte mar ris sjen hoe´t rint, fine jo ek net .

Jehannes: Jim ha gelyk it moat earst mar ris rinne en ik wit ek wol dat ik folle fan jim freegje, mar jimme sille der gjin spyt fan krije dat sis ik jim. Goed, dan gean ik no mar efkes nei de keuken ta, ik moet noch wat klearsette foar it jûnsmiel.

Frâns: Oan hokker side moat ik no begjinne it hotel as it pensjon.

Jet: Dat makket neat út, de keamers binne klear foar de gasten dy´t hjoed komme. Witte jim wat, Hiltsje bliuwt hjir foarearst mar efkes efter de baalje om de boel noch wat ôf te stofjen en Frâns setsto de tafels efkes klear foar it jûnsmiel.

Hiltsje: Wat doch ik as de earste gasten komme mefrou.

Jet: Dy fan ´t hotel ferwachtsje wy it earst, dan ropst Frâns mar efkes foar de koffers en do skriuwst mar efkes op´n kaartsje hoe´t se hjitte en it nûmer fan de keamer dy´t se krije, dan joust de kaai oan Frâns en dy bringt harren nei de keamer.

Frâns: Goed ik bin dus yn´t restaurant asto my nedich hast. *(ôf)*

Hiltsje: Bêst, it sil wol goed komme. Moat ik efter de baalje de skelk ek foar ha.

Jet: Nee fansels net, dat heart net sa. Ik rekkenje op dy Hiltsje. *(ôf)*

Hiltsje: Hjir moat ik dus efkes trochhinne mei de plúskebiezem en sûnder skelk. No se kinne it krije sa´t se it ha wolle. *(se giet oan´t wurk en sjongt wat, mar sjocht net dat´r gasten ynkomme)*

Riek: *(simmerjurkje oan in moai huodsje op en in taske yn´e hân)* Wat is it hjir moai net Lammert, dit hie ik net ferwachte foar dy priis.

Lammert: *(koarte brûk en in fleurich oerhimd oan, in simmerhoed op en sjout in pear koffers)* Nee ik ek net. *(sjocht nochris goed om´m hinne)* Soene wy hjir wol goed wêze Riek.

Riek: Wis binne wy hjir goed, ik ha it adres d´r by Grinserstrjitwei en it is in âlde wettertoer, dat kinsto dochs ek wol sjen as net soms.

Lammert: Ja mar ik hie it my hiel oars foarstelt. *(giet d´r efkes by sitten en sjocht nochris om´m hinne)*

Riek: Sjoch dêr moatte wy wêze. Juffer wy hawwe hjir in keamer besteld mar wy binne wat earder as wy ferwachte hiene. (*set har taske op 'e baalje*)

Hiltsje: Dat let neat mefrou, fan herte wolkom, ha jo in goede reis hân.

Riek: Jawis, as ik de kaart mar lêe dan is d'r neat oan 'e hân.

Hiltsje: (*efkes nei Lammert sjen dy't noch altyd sit*) Dus jim ha gjin spul hân ûnderweis, ja want dat bart ek noch wolris by sommige minsken.

Riek: Spul, nee dit kear net, mar jo ha gelyk dat bart ek wolris by ús. Ik ha sein; wy geane in wykein fuort en dus lêe ik de kaart en do stjoerst.

Hiltsje: Moai no mar in goed ferbliuw hjirre soe ik sizze, jo hawwe keamer 101 de earste ferdjipping.

Riek: (*pakt har taske en sjocht efkes nei Lammert*) Kom op Lammert noch efkes trochsette, wy moatte nei boppe, pak no mar gau de koffers en net stinne mar hinne.

Lammert: (*komt mei muoite oerein*) Do kinst dochs ek wol wat hâlde, d'r mankeard dy neat oan 'e hannen wol.

Hiltsje: O mar dat hoecht net hear, myn... kollega sjout de koffers foar jo nei de lift en dan nei de keamer. (*op't beltsje slaan dat op 'e baalje stiet*)

Riek: No dat stiet my oan, hearst dat Lammert sy sjouwe de koffers foar ús. No dan hawwe wy no echt fakânsje fynst ek net.

Lammert: Sis dat wol (*foar 'm út*) dat soks kin foar dy priis.

Riek: Ja hjir kinne wy wol in wykein om krije.

Frâns: (*komt op*) Hiesto skille... kollega.

Hiltsje: Ja dizze minsken moatte nei keamer 101. (*jout Frâns de kaai oer*)

Frâns: As jo my mar folgje wolle mefrou en menear.

Riek: Fansels beste man, jo sizze mar wêr wy hinne moatte.

Frâns: Wy geane mei de lift mefrou.

Riek: Liket my skoan ta, wat seisto d'r fan Lammert.

Lammert: Fansels wy folgje, dei juffer betanke foar jo help.

Hiltsje: Graach dien hear. (*sjocht de minsken noch efkes nei*) Sa dat gie dy maklik ôf Hiltsje dat hasto goed oanpakt. (*komt har wat yn't sin*) O nee wachtsje es efkes, ik ha fergetten harren namme te freegjen. Hoe moat ik it no wer ha... Ik wit it, as Frâns daliks werom komt dan sil ik efkes nei harren ta. Ja sa moat it mar.

Frâns: (*komt wer ûnder*) Aardige minsken fûnst ek net Hiltsje. Falt my ta, ik hie hiel oar folk ferwachte. Dit binne einliks deselde soort minsken as wy altyd yn't pensjon hân ha.

Hiltsje: Do hast gelyk dat fûn ik ek al. Sis Frâns no ha´k fergetten te freegjen hoe´t ja hieten. Wolsto hjir efkes bliuwe, dan gean ik noch efkes nei boppe om te freegjen.

Frâns: Goed doch dat mar, it moat earst noch wat wenne moast mar tinke.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



info@toneeluitgeverijvink.nl



072 5112407



“Samenspelen” is ons motto